[1365 Op it mêd 3-4)

Piet Hemminga & Lammert G. Jansma, 'Friesisch (d.i. Frysk, Nordfriesisch, Saterfriesisch/Seeltersk)'. Yn: Nina Janich & Albrecht Greule (útjs.), Sprachkulturen in Europa. Ein internationales Handbuch. Gunter Narr Verlag, Tübingen (2002), 73-78.

Yn dit hânboek wurdt in oersjoch jûn fan 'e taalkultuer binnen de Europeeske talen. Dat begryp wurdt hjir benammen maatskiplik ynterpretearre. Fan belang binne dus sprekkertallen, de rol fan 'e oanbelangjende taal binnen de maatskippij, mar ek kodifikaasje troch in fêste stavering, wurdboeken en grammatika's, en politike maatregels en ynstitúsjes dy't de taal stypje. De artikels oer elke taal hawwe allegearre inselde opbou, mei in taaltypologyske ynlieding, in paragraaf oer de kodifikaasje en paragrafen oer de skiednis en de hjoeddeiske stân fan saken om de taalkultivearring hinne. Hemminga en Jansma nimme it artikel oer it Frysk foar har rekken, dêr't tagelyk ek it Sealtersk en it Noardfrysk yn meinommen wurde, sadat dy trije Fryske farianten ek geregeldwei meiinoar ferlike wurde. In deeglik oersjoch, al kin men jin al ôffreegje oft de bûtensteander in goed byld kriget fan ús mingdialekten. Fan it Biltsk wurdt wol sein dat it tebekgiet op 'e taal fan Súd-Hollânske boeren, mar net wat taal oft it no hjoeddedei winliken is, dus ek net oft it no by de net-Fryske dialekten heart of by de mingdialekten. "Darüber hinaus gibt es in sieben der elf friesischen Städte noch Mischmundarten, wie beispielsweise das sog. Stadtfriesisch". Hokker mingdialekten soene yn 'e stêden noch mear foarkomme?

(siebren dyk)

Eric Hoekstra, 'A structure-based analysis of morphosyntactic regularities in language contact'. Yn: C. Jan-Wouter Zwart & Werner Abraham (útjs.), Studies in comparative germanic syntax: Proceedings from the 15th workshop on comparative germanic syntax (Groningen, May 26-27, 2000). John Benjamins Publishing Company, Amsterdam/Philadelphia (2002), pp. 273-286.

In safolste ôflevering yn in sa njonkenlytsen lange rige fan artikels oer dialekten mei in Frysk substraat, benammen fersoarge troch Cor van Bree en Eric Hoekstra. De lêste foeget hjir lykwols wol wer wat nijs ta. Hy besiket om de resultaten, en ek de eardere teory fan Van Coetsem, yn te bêdzjen yn Chomsky syn minimalistyske teory. Hy jout sa in ferklearring foar it feit dat dy nije taalfarianten de klasse fan 'e swakke Fryske *je*-tiidwurden net oernaam ha, dat it

US WURK LI (2002), p. 166

Grinslânsk allinne mar in ynfinityfútgong *-en* hat, en net ien op *-e*, en dat foarmen fan ‘e sterke tiidwurden folle mear op ‘e oerienkomstige Hollânske lykje as op ‘e Fryske. Wêrom oft it Westfries gjin *en*-plus-ymperatyfkonstruksje hat, en gjin útgong *-st* foar de twadde persoan inkeltal, moat lykwols mei oanfoljende hyptezen ferantwurde wurde.

(siebren dyk)

Jarich Hoekstra, ‘Relativisation in Frisian’. Yn: Patricia Poussa (útj.), Relativisation in the North Sea littoral. LINCOM Europa, München (2002), 63-76.
Hoekstra jout hjir de wichtichste feiten oangeande betreklike foarnamwurden en bysinnen yn it Westerlauwersk Frysk, it Sealtersk, en foar Noardfryslân it Fering en it Mooring. De ûnderskate Fryske dialekten ferskille nochal wat faninoar, mei it brûken fan freegjende of oanwizende foarnamwurden of fan it partikel *wat*. Mar mienskiplik is, dat se allegearre ôfskied naam hawwe fan it Aldfryske systeem, dat inkeld it partikel *ther* koe, al hawwe it Wangereachsk en guon Noardfryske dialekten dat noch knap lang oanholden. Hoekstra wiist der op dat der hjir en dêr ynfloed fan it Nederlânsk of Nederdútsk yn it spul is, en spikkelearret binnen in generativistysk ramt ek noch oer de strukturele posysje fan ‘e ûnderskate relativa, as haad fan in komplimintearderkloft, of as de spesifisearder.

(siebren dyk)

Dirk Boutkan, ‘Some considerations on the etymology of Old Frisian sol-dēde ‘Sudeltat”, Interdisciplinary Journal for Germanic Linguistics and Semiotic Analysis 7 (2002), 39-49.

Yn dizze postume publikaasje docht Boutkan ferslach fan syn sykjen nei in etymology foar it Aldfryske *soldēde*, neffens Van Helten in ‘mishandlung, die erbrechen und durchfall veranlässt’. It wurd komt yn suver alle Easterlauwerske Aldfryske hânskriften wol foar. Van Helten levere in etymology dy’t foarmlik gjin swierrichheden joech, mar semantysk neffens Boutkan wol, omdat er nei modder ferwiisde, en net nei koarre. Holthausen syn grûnfoarm *sōl* ‘schmutzig’ komt dêrom foar him earder yn ‘e beneaming. Boutkan optearret yn dat ferbân dan wol earder foar in tebekgean op in nulgraad **slH*- as op in rutsen graad **sōlH*-, mar hy slút ek net út dat it wurd úteinliks in oerbliuwsel wêze soe fan Noard-West-Jeropeesk substraatmateriaal.

(siebren dyk)

Arjen Versloot, ‘Die Wangeroogischen Diminutivendungen -uuk und -iik’, Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik, Band 56 (2002), 223-231.

Fan ‘e útgongen fan it ferlytsingswurd yn it Wangereachsk binne *-iik* en *-uuk* problematysk. Hofmann koe der yn syn dissertaasje oer “Die k-Diminutiva” fan 1961 teminsten net goed in systeem yn ûntdekke. Ver-

sloot besiket hjir in histoaryske ferklearring te jaan. Hy obstrewearret dat *-uuk* efter histoaryske *n*-stammen foarkomt, en *nei in koarte stamfokaal. Dat is by *-iik* net sa. Dêrnei ûndersiket er oft de distribúsje fan ‘e fokaal fan ‘e útgongen ek weromlaat wurde kin ta de ûntjouwings yn in beskate taalfaze. Yndied blike dy mei Afr. *-uke* efter de stammen op *-a* te kommen. Dan hie der lykwols in útgong *-ake* ûntstean moatten. Dy /a/, sa hâldt Versloot út, wie op dy posysje gjin plak foar yn it Aldwangereachske foneemsysteem, en moast dêrom wol útwike nei /u/.

(siebren dyk)

Cor van Bree, ‘Een fries substraat in de drentse woordenschat?’. Yn: Acta Neerlandica 2 (2002), 283-298.

Van Bree set syn rige ûndersiken nei taalfarianten mei in Frysk substraat fuort mei it Drintsk. Morfology, syntaksis en útspraak smite hjir net safolle dúdliks op, dat hy beheint him ta de leksikale fonology en de wurdskat. Der blykt yndied in espeltsje wurden te wêzen dat it Drintsk mei it Frysk sels en mei it Grinslânsk (in erkende Fryske substraattaal) mienskiplik hat. Dy blike benammen yn it sekundêre part fan ‘e wurdskat te sitten, sismar de hûs, tún- en kokenwurden, en krekt dat part is fan bekend dat it aardich resistint is. Yn ‘e leksikale fonology binne hjir en dêr ek wat oanwizings. Lykwols, it is allegearre net sa sterk dat Van Bree no mei wissichheid doart te konkludearjen dat der ûnder it Drintsk in Fryske laach sit.

(siebren dyk)

A. Feitsma, ‘Democratic’’ and ‘elitist’ trends and a Frisian standard’. Yn: A.R. Linn en N. McLelland (red.), Standardization: studies from the Germanic Languages (Current issues in linguistic theory 235). John Benjamins Publishing Company, Amsterdam/Philadelphia (2002), 205-218.

Yn in (yn dit ferbân) betreklik wiidweidich artikel jout Feitsma in oersjoch fan yn har eagen belangrike ‘trends’ út de standerdisearringsskiednis fan it (Westerlauwerske) Frysk. It is fierhinne in gearfetting fan har eardere publikaasjes oer dit ûnderwerp. Dat is op himsels in goed ding, ek mei it each op de ynternasjonale doelgroep. De auteur behannelet yn aparte paragrafen it Aldfrysk, Gysbert Japicx (en syn ynfloed), Joast Hiddes Halbertsma, Harmen Sytstra en, ta beslút, de nijere tiid, ferdield yn ‘After 1915’ en ‘Some aspects of the present situation’.

Hoewol’t der uteraard romte wêze moat foar in persoanlike fisy, is it opfallend dat de stavering (yn ‘e ynternasjonale literatuer dochs net in alderearste standerdisearringskritearium) safolle omtinken krijt en ek Halbertsma wurdt wol hiel royaal bedield, wylst Waling Dykstra it mei in inkelde rigel dwaan moat. Dy hat op syn minst sa’n grutte bydrage oan ‘e standerdisearring fan it Frysk levere. Dêrby giet it net allinnich om syn

wurdboek (dat noch altiten direkte ynfloed hat), mar bygelyks ek om syn Winterjounenocht en syn literêr wurk (ynklusyf dat foar bern).
Sintraal yn Feitsma har beskriuwing – de titel jout it al oan – steane de termen 'democratic' en 'elitist'. De earste is 'the people's vernacular norm' (sij it earder yn 'e 'ideological' as yn 'e 'statistical sense'), de twadde 'a literary, archaic norm' (s. 206). My tinkt, wy kinne net folle mei it eigenoanrette begryp 'democratic norm'. De taal dy't 'it folk' brûkt, dat wol sizze praat, kin neffens de algemiene opfetting no krekt net tsjinje as grûnslach foar hokker Fryske noarm dan ek: dêryn is ommers gjin plak foar it (al te) dialektyske en hielendal net foar it noch hieltiten tanimmende tal ynterferinsjes. Yn dy sin is elke noarm foar it Frysk (fan 'de' wurdboeken, 'it' ûnderwiis, 'de' literatuer ensfh.) elitêr. Leaver lykwols as dy term yn Feitsma har (beheind taalkundige) betsjutting op te fetsjen, soe ik it elitêre karakter fan de Fryske noarm ferbine wolle oan it *brûken* fan it Frysk: it is ommers mar in hiel lyts tal minsken dat Feitsma har elitêre én demokratyske noarm yn 'e praktyk bringt, sawol foar de sprektaal (inkelde persinten?), as foar de skriuwtaal (miskien justjes mear).
Yn har 'Conclusion' (s. 215) komt Feitsma ûnder mear op 'the presence of a considerable language ideology in spite of the rather weak infrastructure', dat wol sizze de ôfwêzichheid fan 'a State'. Soe it lykwols net sa wêze dat just dêrtroch 'de' taalideology safolle romte krigen hat? As it Frysk troch 'elkenien', yn elk domein, sawol mûnling as skriftlik brûkt wurde soe, dan hie der miskien net fansels, mar wol op in folle organysker en natuerliker wize in noarm ta stân kommen. Mar it Nederlânsk stiet sa'n gong fan saken yn 'e wei.
Ta beslút. De literatuerlist – mei 26 titels dochs net hiel koart – fertoant opmerklike hiaten. Benammen de Grinzer frisistyk komt der bekaaid foar wei.
(pieter breuker)

O. Vries, 'Seka mit brande ende mit breke. Oudfriese terminologie met betrekking tot het rechtsinstituut 'woesting", Pro Memorie 4 (2002), 148-166.

Vries ûndersiket yn dit rjochtshistoarysk tydskrift de karakteristike wurden om it begryp "woesting" hinne, dat wy begripe moatte as it "door overheids- of rechtswege (dus net as gefolch fan in fete) verdelgen van het huis van de ongehoorzame". Dy praktiken kamen benammen yn 'e lege lannen foar; yn Ingelân of Skandinaavje binne se ûnbekind. It ferneatigjen sels wurdt almeast oantsjut troch sokssawat as *breck ende brand*. It opsykjen fan 'e fertochte hjit fan *seka*, mar dat kin ek it optsjen fan it gerjochtsfolk nei syn hûs wêze. In Aldfrysk synonym is *oenfara*, yn it Leechdútsk *toefaren*. Vries wiist oars yn dit ferbân yn it foarbygean ek noch op in wichtich boek fan in E. Fischer út 1957, dat oant no ta oan it omtinken fan alle Aldfrisisten ûntkaam is.

(siebren dyk)